


Jierlikse Ledegearkomste

OBE POSTMA
SELSKIP



Tiid: 26 febrewaris 2010 (19.30–22.00)

Plak: Café Wouters, Sophialaan 5, Ljouwert
(fuort by NS-stasjon)

Enschede, 1 febrewaris 2010

Achte leden fan it Obe Postma Selskip,

Lykas al oankundige op de stúdzjedei yn novimber 2009, hâldt it Obe Postma Selskip op freed 26 febrewaris 2010 fan 19.30 oere oant 20.30 oere syn jierlikse ledegearkomste. De wurklist is yn dizze útnoeging opnaam. Nei de ledegearkomste geane we oer ta in lêzing fan dhr. Frans Steenmeijer oer Postma en de natuerwittenskip. Ik noegje jo sawol foar dizze ledegearkomste as ek foar de lêzing fan drs. Frans Steenmeijer fan herten út. Wolle jo my efkes witte litte yn it gefal jo komme? (e-mail: jan@gulmans.com).

Wurklist

Iepening troch de foarsitter, dhr. S. van der Zwaag

- (1) Meidielingen: oantal leden, útjeften, sinteraasje, webstee, plannen, ensfh.
- (2) Reiske: It reiske fan dit jier - sneon 29 maaie - draait om Slauerhoff en Postma. Wy besykje de plakken dêr't har spoaren fan wurk of libben lizze yn Ljouwert, Raerderbosk, Snits en Jorwert. Yn de eagen fan Postma is der tusken har in oerienkomst yn fielen. Beide ha gedichten fan Rilke oerset en beide hiene se in foarkar foar de iere gedichten fan dizze Dútske dichter. Beide, Slauerhoff en Postma, ha se ek Sineske gedichten oerset. Philippus Breuker en, sa mooglik, Sytse ten Hoeve, binne ús gids tidens it reiske.
- (3) Taljochting op plannen mei betrekking ta de stúdzjedei 2010 *De fascinatje voor Slauerhoff*.
- (4) Taljochting en besprek begrutting 2010; meidielings kaskommissje.
- (5) Wat fierder op it aljemint komt.
- (6) Sluting.

Lêzing drs. Frans Steenmeijer 'Obe Postma en de natuerwetenshap'

Na zijn studie en promotie (1895) is Obe Postma nog tot 1918 (dus tot zijn vijftigste) op een hoog niveau actief gebleven op het gebied van de wis- en natuurkunde. Uit zijn publicaties en ook uit zijn niet-gepubliceerde aantekeningen blijkt dat hij nooit is opgehouden te zoeken naar "het wezen der dingen".

De lezing is bedoeld als een zoektocht –zonder formules, maar niet zonder natuurkunde- naar wat Obe Postma op dat gebied in het bijzonder bezighield. Dit alles tegen de achtergrond van hoe de natuurkunde er in Nederland voor stond ten tijde van de vorige eeuwwisseling.

Ut namme fan it Obe Postma Selskip,
Jan Gulmans, skriuwer.